

FRYSLAN-A EKSAMEN

26 septimber 2015

III Tiidwurden

(30 min.)

Op dit ûnderdiel kinne mei-inoar 70 punten helle wurde.

*A. Set de tiidwurden dy't tusken heakjes steane yn 'e **notiid**. Skriuw ûnder inoar **allinnich** it nûmer mei de goede foarm fan it tiidwurd op. Mei-inoar 15 punten.*

Fryslân is bysûnder én gewoan: wat Fryslân (1. ûnderskiede) fan de rest fan Nederlân is de eigen taal en kultuer: it Frysk. En dêr (2. wêze) Friezen grutsk op. De measte Friezen (3. prate) Frysk – njonken it Nederlânsk – en hast alle ynwenners (4. ferstean) de taal wol. Dat (5. betsjutte) dat it Frysk rûnom praat (6. wurde) en brûkt wurde (7. kinne). De eigen taal (8. meitsje) Fryslân foar in soad Nederlanners ta in stikje bûtenlân yn it eigen lân. De twataligens (9. wêze) earder regel as útsûndering, as men nei Europa (10. sjen). Sa (11. hawwe) België it Flaamsk en Waalsk en yn Spanje (12. wurde) it Katalaansk, Baskysk en Spaansk brûkt. Wa't mear witte (13. wolle) oer de Friezen en de eftergrûn fan it Frysk, (14. meie) it boekje 'De taal fan it hert' lêze. Dy brosjuere (15. ynformearje) jo goed.

Ut: *De taal fan it hert* (bewurke)

*B. Set de tiidwurden dy't tusken heakjes steane yn 'e **doetiid**. Skriuw ûnder inoar **allinnich** it nûmer mei de goede foarm fan it tiidwurd op. Mei-inoar 14 punten.*

De oare deis (1. sykje) de famkes om de jonges op it strân en se (2. folgje) harren op in ôfstân. Dat wie maklik, want dy fan Nelly (3. drage) altyd dat petsje, sels as er (4. swimme). De beide famkes (5. springe) mei opsetsin ticht by harren it wetter yn, healwizen wat en doe (6. roppe) Janneke: "Dyn pet fersûpt." Se (7. dwaan) in soad mei harren fjouweren. Janneke har mem (8. fine) harren eins noch te jong om der allinnich op út te gean. "Te jong!", (9. prottelje) Janneke, "dy jonges binne like âld en (10. meie) ek sels witte wat se diene". Twa dagen letter (11. gripe) Peter Janneke op it parkearterrein by de hân en (12. lûke) har efter him oan. Foaroerbûgd (13. sjitte) se tegearre tusken de rigen auto's troch. Janneke (14. protestearje) net iens.

Ut it ferhaal 'It wie in Opel Kadett...' fan Jelle Bangma yn de bondel *Broei* (bewurke)

*C. Skriuw it **mulwurd** op fan de tiidwurden dy't tusken heakjes steane. Skriuw ûnder inoar **allinnich** it nûmer mei de goede foarm fan it mulwurd op. Mei-inoar 14 punten.*

Dêr fierderop hat, fan it iepen wetter ôf oan it lân ta, in wyldernis fan reid (1. lizze), de Marsheide. Skipfeart hat der net by lâns (2. rinne), it is in efterôfhoeke (3. bliuwe) fan de grutte mar. Bûten in inkelde fiskersboat is der oars net (4. komme) as in boat fan fiskers en streupers. It hat dêr altyd gefaarlik (5. wêze), want stobben krekt ûnder wetter hawwe

ûnbekenden al faker as ien kear ûngelokken en mankeminten (6. besoargje). De minsken dy't (7. wenje) hawwe op 'e Marsheide binne in nuver folk (8. neame). Gjin boer hat dêr in arbeider wei krije (9. kinne): de jongkeardels hawwe net (10. leare) om hurd te wurkjen. Heit hat se as jonge bern al (11. meinimme) yn 'e boat te fiskjen of it fjild yn te aaisykjen. Oaren hawwe (12. hannelje) yn skiep en bargaen. Net ien fan harren hat (13. wurkje) foar in boer of in baas en dochs hawwe se der goed fan (14. libje).

Ut: Marten Baersma, *De jonge fan de Marsheide* (bewurke)

*D. Set de Nederlânske tiidwurdsfoarmen dy't tusken heakjes steane yn de goede Fryske foarm en tiid. Foarbyld: Hy hat der lang oan (gewerkt): Hy hat der lang oan wurke. Skriuw ûnder inoar **allinnich** it nûmer mei de goede Fryske foarm fan it tiidwurd op. Mei-inoar 5 punten.*

1. Wy (gingen) fan 't simmer mei de auto nei Spanje.
2. Ik (hoop) dat ús mem gau wer better is.
3. Do (moet) dyn húswurk hjoed ôfmeitsje, hear!
4. Mem (durfde) de doar net iepen te dwaan.
5. (Wist) jo dat de winkel fan 'e wike ticht is?

*E. Meitsje de sinnen op in goede wize ôf. Dêrby moatte de twa of trije tiidwurden dy't tusken heakjes steane, brûkt wurde. Set dy tiidwurden yn de troch jo ôfmakke sin yn de goede **foarm** en de goede **folchoarder**. Mei-inoar 12 punten.*

Mei twa tiidwurden ôfmeitsje:

1. Hiest (moatte, wachtsje) op tastimming fan heit.
2. Klaas hie wol (kinne, wurkje) op sneon.
3. Ik haw har dy kant op (sjen, rinne).

Mei trije tiidwurden ôfmeitsje:

4. De bern (hawwe, kinne, opromje) it boartersguod.
5. Beppe is siik, dat sy (bliuwe, wêze, lizze).

F. Set de neikommende sinnen, benammen wat de tiidwurden oanbelanget, sa goed mooglik oer. Mei-inoar 10 punten.

1. Wij blijven ons inzetten voor het milieu.
2. Volgende week vrijdag komen de kleinkinderen logeren.
3. Ik ga proberen of ik dat kan.
4. Morgen moeten wij boodschappen doen.
5. Gaat het vanmiddag regenen, denk je?